

Nije skoalkampioen Frysk damjen

Al wer foar de achtste kear waard it kampioenskip ferspild op de Van Haersma Buma skoalle te Hommerts-Jutryp. En altyd hie in jongen de earste priis pakt. Mar diz'kear kaam it oars. De namme Sanne Punter komt as earste famke yn de wikselbeker.



Hjir neast op de foto stiet se mei links Alex Wornik dy't treds waard en rjochts Ramon Raap. Hy wie ferline jier kampioen.

En wat wie it spannend diz' kear. Ramon like op 'e nij kampioen te wurden. Mar yn de lêste partij ferlear hy ferrassend fan Laura Dozeman. Sa kamen der fjouwer dammers op fjouwer punten en moast der nochris om damd wurde.

Allegearre nochris tsjin elkoar. Ramon en Sanne wûnen beide fan Alex en Laura en doe gie it om de prizen. Alex Wornik helle it tredde plak. En wat in spannende finale mei alle bern der mûstil om hinne. Ramon like te winnen, dochts net, Sanne stie wer better en lykswols hie Ramon it noch pakke kind. Mar dat stie Sanne net mear ta en sy waard de terjochte kampioen 2016.